FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan it Kolleezje fan *Deputearre Steaten*
en de leden fan *Provinsjale Steaten*
Provinsje Fryslân
Twibaksmerk 52
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Drachten, 22 july 2005

Underwerp: it *ramtlearplan* en de *lykweardigens en lykberjochtiging yn it fuortset ûnderwiis*

Achte leden fan Deputearre en Provinsjale Steaten,

In pear moanne lyn is it *Ramtlearplan Frysk yn it fuortset ûnderwiis 2005* ferskynd. Wy binne der wiis mei dat der troch in pear grutte skoallen yn gearwurking mei de SLO en de NHL stappen op it mêd fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis set binne en noch set wurde sille. It ramtlearplan giet, begryplikerwize, benammen út fan de *besteande* mooglikheden. En dy besteande mooglikheden binne neffens ús *lang net tarikkend* om de Fryske taal en kultuer goed syn gerak te jaan. Fan *lykweardigens* en *lykberjochting* mei it ûnderwiis yn Nederlânsk is (noch lang) gjin sprake. En dat soe neffens ús wol it *prinsipiële* útgongspunt wêze en bliuwe moatte. Wy hawwe it ramtlearplan yngeand analysearre op tekoarten yn de besteande situaasje (sjoch de *bylage*). Wy hawwe fandat in stikmannich krityske kanttekenings makke en wy jouwe oplossings foar it tal wichtige *knyppunten* yn 'e hope dat jimme dy as earstferantwurdlike foar it Frysk yn belied omsette sille.

Op grûn fan de beide fûnemintele prinsipen fan *lykweardigens* en *lykberjochtiging* steane wy oan op de folgjende maatregels:

1. De provinsjale oerheid yn Fryslân soe oanstjoere moatte op in *ferplichting* fan de Fryske taal en kultuer as eksamenfak, *oeral wêr't dat foar Nederlânsk ek it gefal is*. Ut soarte kinne der ferskillen wêze yn nivo en omfang fan dy ôfsluting. By havo/vwo moat dan tocht wurde oan in tal ferplichte modulen (út de domeinen A [lêsfeardigens, sintraal skriftlik] en E1 [basismodulen 1. Fryske taal, 2. kultuer en 3. skiednis], skoaleksamen). Dêrboppe kinne dan op frijwillige basis ekstra modulen keazen wurde út twa of mear oare domeinen om ta in 'folweardige' ôfsluting te kommen. De eventuele yndividuele dispensaasje foar de ferplichte basismodulen sil krekt formulearre wurde moatte, bgl. as learlingen noch mar koart yn Fryslân wenje en net mear foldwaan kinne soene oan de easken dy't besletten lizze yn de neamde basismodulen

2. Der sil in goede definysje jûn wurde moatte fan it begryp *yntegraal* (ferl. *yntegraal* part fan it learplan, kêst 8 Hânfest) en konkreet oanjûn wat soks yn de praktyk ynhâlde moat. It 'aanmerkelijk deel' Frysk as ynstruksjetaal dat jildt foar it primêr ûnderwiis (kêst 8 Hânfest), soe ek jilde moatte foar it fuortset ûnderwiis (minimaal oant de eksamenklassen). Beide begripen/omskriuwings ('integraal' en 'aanmerkelijke deel') soene opnommen wurde moatte yn de lanlike ûnderwiiswetjouwing (WPO, WEC en WVO).

3. It opnimmen fan *differinsjearre* doelstellings foar *Nederlânsk- en Frysktaligen* yn kearndoelen foar de basisfoarming, soe ferfalle moatte. Dat is troch de steaten foar it basisûnderwiis prinsipieel ôfwiisd. Foar it fuortset ûnderwiis jildt deselde reden. Differinsjaasje is in (praktysk en didaktysk) *middel* en perfoarst gjin *doel*. Sa'n (kearn-)doeledifferinsjaasje wurdt ek net oanbrocht by de oare fakken, ek net foar de (oare) talen. It is prinsipieel ferkeard en it ferswakket it plak fan it Frysk binnen de basisfoarming. Boppedat wurdt de basisfoarming op himsels hjoed de dei programmatysk ek nochris útholle. Dat kin dus dûbeld skealik útpakke foar it Frysk.

4. It moat ûnmooglik makke wurde dat skoallen it Frysk falle litte nei de basisfoarming. Der moat in *trochgeande* line wêze oant de eksamenklassen. De lestiid (oeretabel) moat ferlykber wêze mei dy foar Nederlânsk of langer. It tal lesoeren moat tarikkend wêze om de doelen helje te kinnen op in nivo dat ferlykber is mei dat foar Nederlânsk. Omdat der in *bettere transfer* is fan in net-dominante minderheidstaal (Frysk) nei in maatskiplike dominante taal (Nederlânsk) as oarsom, mei de tiid bestege oan de Fryske taal en kultuer *net lytser* wêze as dy foar Nederlânsk (sjoch dêroer ek kopyen fan ús brieven oan OCW. d.d. 15-03-2005 en 22-06-2005, foar kundskip oan jimme tastjoerd).

5. Fanwegens it *yntegrale* karakter fan it ûnderwiis yn beide rykstalen soene de learaars *offisjele binnen*lânske talen yn Fryslân likegoed Frysk as Nederlânsk jaan kinne moatte en ek jaan moatte. It foech dêrfoar soe in *beneamingseask* wurde moatte. Fanwegens it winsklike *yntegrale* en *twatalige* karakter fan it fuortset ûnderwiis soe der ek in foech komme moatte foar it brûken fan it Frysk as *fier-/ynstruksjetaal* by oare fakken as it fak Frysk, om de kwaliteit fan it taalgebrûk te garandearjen.

6. It probleem fan de (grutte) dizenigens fan de ûnderwiisdoelen (bgl. kearndoelen) moat oplost wurde troch middel fan in learstofdomeinbeskriuwing op basis fan in kultuerpedagogyske diskusje as grûnslach foar learynhâlden mei in Fryskeigen karakter. De ‘kanon’ dêrfan moat dúdlik wêze.

7. De yn it ramtlearplan neamde útgongspunten fan it saneamde ‘nije learen’ kinne der maklik ta liede dat der *te min lesjûn* wurdt troch de learaar en tefolle oerlitten wurdt oan it *selsstannich* learen fan de learling. Dat is funest foar de kwaliteit fan de *learstofoerdracht* yn de Fryske taal en kultuer. Benàmmen yn dy fan in minderheidstaal. Der sil dus tawurke moatte op genôch kontaktoeren en lestiid foar (neo)klassikaal ûnderrjocht.

8. Der soe oanstjoerd wurde moatte op foldwaande formele, offisjele en objektive *toetsingsmominten* as de winsklike ynhâlden foar it fak Frysk taal en kultuer beskreaun binne (op basis fan in troch de provinsje organisearre kultuerpedagogyske diskusje) en opnommen yn de learstof. Dan kinne de effekten fan it ûnderwiis metten wurde en ferlike mei de effekten fan it ûnderwiis yn it Nederlânsk.

9. De provinsje soe it *foech* krije moatte om de *Fryskeigen kearndoelen* foar Fryslân te formulearjen en fêst te stellen. De wetjouwer soe dy oernimme moatte. De provinsje soe, as it Ryk dêryn tekoart sjit, ek it *foech* krije moatte om fêst te stellen dat der eksamens wêze sille foar *alle* learwegen fan it vmbo, dus ek foar de nivo’s *lwoo/basisberops/kaderberops*. De tiid foar tarieding op dy eksamens sil foldwaande wêze moatte. Wy tinke konkreet oan *minimaal* twa oeren yn de tredde en fjouwer yn de fjirde klasse. De provinsje soe it *foech* hawwe moatte om dat *foar te skriuwen*. Dat jildt ek foar de *stúdzjebelestingsoeren* foar de eksamenprogramma’s foar havo/vwo en it minimum oan *direkte kontaktoeren.* It tal kontaktoeren soe op syn minst *twa oeren* wêze moatte.

Wy hoopje dat jimme ús opmerkings en oplossings foar besteande knyppunten serieus nimme wolle en aksje ûndernimme sille om op guon mêden mear foech nei de provinsje te krijen en om ta in longitudinale ferplichting te kommen om it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer te folgjen, dêrby rjochtdwaande oan yn de oanhef neamde *fûnemintele prinsipen*.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,

S.T. Hiemstra,
skriuwer FFU

Bylage: **Analyze fan it *Ramtlearplan Frysk yn it fuortset ûnderwiis 2005* en oplossings foar knyppunten**

Ofskriften: VLLT-seksje Frysk, Popkema en Jongsma, Beried foar it Frysk, Konsultatyf Orgaan, LC, FD, Omrop Fryslân